



Christen
Unie
Noardeast-Fryslân



Erste
Lokale
Partij
Noardeast-Fryslân



Actief
Links
Lokaal



2020 / Z261917-2020

AMENDEMINT

Art. 48 RfO

Agindapunt: 7 / 4a

Underwerp: **Fryske Plaknammen**

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 10 septimber 2020 beslút om beslútpunt 1 as folget te wizigjen:

1. Yn te stimmen mei de taheakke nota Frysk taalbelied Noardeast-Fryslân “Mei elkoar foarút mei it Frysk”. **Yn it ramt fan harmonisaasje offisjeel de Fryske as histoaryske (dialekt) toponimen op te nimmen en te hantearjen foar alle plakken yn de gemeente Noardeast-Fryslân. En dit ek werom komme te litten op de bebuording, as der moat al beswier oantekene wurde troch in fertsjinwurdigjend orgaan fan it plak, dat droegen wurdt troch de mearderheid fan syn ynwenners.**

Taljochting:

It is by de wet fêstlein dat, yn it gefal fan harmonisaasje, by it fêststellen fan nij taalbelied útgean wurde moat fan de gemeente dy't it fierst wie mei de Fryske taal. In dit gefal wie dat Ferwerderadiel dêr't alle toponimen Frysk binne. Wy stelle dan ek út dit yn de hiele gemeente yn te fieren en der wat de ferfanging fan de buorden oanbelanget in 'útgroei-yngroei' belied op nei te hâlden. Om hege kosten te meien, sille de buorden pas ferfongen wurde as hja oan ferfanging ta binne.

Yn it Frysk taalbelied sa't it no foar ús leit, is wat de toponimen oangiet gjin sprake fan harmonisaasje, dat wy wolle dit mei dit amendemint feroarje. Om dit proses yn goeie banen te lieden en it út de mienskip komme te litten, kin de gemeente in berop dwaan op de Topografyske Wurkgroep Fryslân. De kosten fan de realisasje en de wurkgroep kinne fierhinne út Provinsjale subsidzjes lykas 'Mei-inoar foar it Frysk' betelle wurde.

(Regeling 'Mei-inoar foar it Frysk': 70% finansiering mei in maksimum fan € 40.000 euro per jier.)

It hantearjen fan de Fryske plaknammen is net allinnich logysk yn ien fan de meast Fryksinnige hoeken fan Fryslân, it hat neist grutte kultuer-histoaryske ek ekonomyske wearde.

Yntsjinne troch: A.J. Soepboer (FNP), CU, PvdA, ELP-NEF, GB, ALL, GROEN nof

Stimming	Foar: FNP, CU, PvdA, ELP-NEF, GB, ALL, GROEN nof, CDA, S!N, VVD (27)	Tsjin: --
Amendemint oannaam		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 10 septimber 2020.

De ried niisneamd,
de griffier,

de foarsitter,

mr. S.K. Dijkstra

mr. J.G. Kramer